**PARSEBERJOCHT**
8 febrewaris 2021

# Fryslân DOK 'Langstme yn mineur'

**Hast in jier lyn wie de earste coronabesmetting yn Nederlân en even dêrnei de earste lockdown, mei ek foar de kultuersektor dramatyske gefolgen. It lytse teäter De Koornbeurs yn Frjentsjer foarmet it dekôr foar de Fryslân DOK 'Langstme yn mineur', mei pianist Peter van der Zwaag yn de haadrol. De orkestlieder fan bekende artysten as Willeke Alberti sit no al hast in jier wurkleas thús. 'Langstme yn mineur' is te sjen op 13 febrewaris by NPO2 en op 14 febrewaris by Omrop Fryslân.**

Yn maart 2020 gie it lân op slot en hast in jier letter is de lockdown noch net foarby. De corona-maatregels betsjutte in ekonomyske slach foar de kwetsbere kulturele sektor. Foaral yn de teäterwrâld is de poadiumstilte fielber, foar artysten én publyk.

**Grut gemis**
Pianist Peter van der Zwaag is al fjirtich jier de fêste orkestlieder fan bekende nasjonale artysten as Willeke Alberti, Jenny Arean en yn it ferline Robert Long en Liesbeth List. No't hy net mear foar publyk spylje mei, fielt it foar Van der Zwaag of hat er 'in sintúch ferlern'.

**Hoop op bettere tiden**
Direkteur Titia Huisman fan teäter de Koornbeurs yn Frjentsjer betocht de foarstelling 'Het Verlangen', dêr't artysten en publyk mei elkoar oparbeidzje yn de hoop op bettere tiden. Ek Merlijn Twaalfhoven, skriuwer fan it boek 'Het is aan ons', hâldt hoop. Neffens him kinne keunstners meihelpe de grutte problemen yn de maatskippij op te lossen.

<u>Fryslân DOK: 'Langstme yn mineur'</u>
Sneon 13 febrewaris, 15.30 oere, NPO2 (Nederlânsk ûndertitele, werhelling 14 febrewaris 13.10)
Snein 14 febrewaris, 17.00 oere, Omrop Fryslân (werhelling alle oeren)

---

**Noat foar de redaksje**
Boarnefermelding ôfbyldingen: Omrop Fryslân

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Publyk fan Omrop Fryslân: 058 299 7876.

**PERSBERICHT**
8 februari 2021

# Fryslân DOK 'Verlangen in mineur'

**Bijna een jaar geleden was de eerste coronabesmetting in Nederland en vlak daarna de eerste lockdown, met ook voor de cultuursector dramatische gevolgen. Het kleine theater De Koornbeurs in Franeker vormt het decor voor de Fryslân DOK 'Verlangen in mineur', met pianist Peter van der Zwaag in de hoofdrol. De orkestleider van bekende artiesten als Willeke Alberti zit nu al bijna een jaar werkloos thuis. 'Verlangen in mineur' is te zien op 13 februari bij NPO2 en op 14 februari bij Omrop Fryslân.**

In maart 2020 ging het land op slot en nog steeds is de lockdown niet voorbij. De corona-maatregelen betekenen een economische slag voor de kwetsbare culturele sector. Vooral in de theaterwereld is de podiumstilte voelbaar, voor artiesten én publiek.

**Groot gemis**
Pianist Peter van der Zwaag is al veertig jaar de vaste orkestleider van bekende nationale artiesten als Willeke Alberti, Jenny Arean en in het verleden Robert Long en Liesbeth List. Nu hij niet meer voor publiek kan spelen, voelt het voor Van der Zwaag alsof hij 'een zintuig kwijt is'.

**Hoop op betere tijden**
Directeur Titia Huisman van theater de Koornbeurs in Franeker bedacht de voorstelling 'Het Verlangen', waarin artiesten en publiek met elkaar samenwerken in de hoop op betere tijden. Ook Merlijn Twaalfhoven, schrijver van het boek 'Het is aan ons', houdt hoop. Volgens hem kunnen kunstenaars meehelpen grote problemen in de samenleving op te lossen.

Fryslân DOK: 'Verlangen in mineur'
Zaterdag 13 februari, 15.30 uur, NPO2, (Nederlands ondertiteld, herhaling 14 februari 13.10)
Zondag 14 februari, 17.00 uur, Omrop Fryslân (herhaling ieder uur)

---

**Noot voor de redactie**
Bronvermelding afbeeldingen: Omrop Fryslân

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Publiek van Omrop Fryslân:
058 299 7876